

E-mail DFS: swalinga.baard@hetnet.nl
Yinternet: www.friesdammen.nl
Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra
st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-W., F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com
- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl
- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shatterma@hotmail.com
- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Jipperdastrjitte 13,
9074 GB Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com
- ◆ **“Hartwert e.o.”** Klaas Abma. Kloosterweg 12,
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747
damkluphartwert@live.nl
- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl
- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com
- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle,
kinne lid wurde fan de Freoneklup.

It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.

Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

OER ALLES FERSKYNT FJOUWER KEAR YN 'T JIER ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

35 ste jiergong

nûmer 3

maart 2014

Einredaksje: Stoffel Bouma en Alie Cnossen

Stoffel Bouma † 5-03-2014, Skoallestrjitte 42, 734 GN Easterein

Till. 0515 - 331762.

mail: stoffelbouma@hetnet.nl

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR Aldegea SWF

Till. 06 – 24 62 89 86

mail: aliecnossen84@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert

Rabobank nûmer 34.95.02.072 as Postbank nûmer 2280300 ûnder
fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it
Dambûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en
as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn
Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer.

- Foarsitter: Siebe Walinga, Hagenadyk 218614 AC Aldegea SWF
swalinga.baard@hetnet.nl 0515-469642
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14 9023 AB Jorwert.
siebrendyk@gmail.nl 058-2519992
- Ponghâlder: Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert.
p.sikma@hetnet.nl 0515-569561
- Algemen: Johannes Hoekstra, Reafinne 1, 8614 AH Aldegea SWF
j.hoekstra99@home.nl 0515-469886
- Jongerein: Jappie de Jong, Vitusdyk 10, 8615 LN Blauhûs,
jensdejong@hetnet.nl 0515-579899

FRYSKE DAM HISTORY

J.Lautenbach fan Drylts is lid fan de Freoneklup. Hy is grut wurden yn Tsjummearum en hat Ulbe Hamersma (1920-1991) goed kind. It stikje komt út de Ljouwerter Krante fan 26 novimber 1940. Der wurde ús bekinde nammen neamd, lykas 'master' Wytze Ennema, Sjoerd Tigchelaar en Jurjen Toslma.

L.C., 26-11-1940

DAMMEN

Friesch spel

We beginnen dit seizoen met eenige eindspelen en problemen. Den belangstellenden lezers zij medegedeeld, dat deze rubriek hoogstens éénmaal in twee weken verschijnt.

Eindspelen:

1. Zwart: 7, 8, 9, 13, 17, 19, 25 (7 sch.).
Wit: 26, 28, 34, 40, 45, 46, 48 (7 sch.)
Wit (J. Couperus) speelt en wint.
2. Zwart: 1, 6, 7, 13, 15, 19, 20, 24 (8 sch.)
Wit: 26, 33, 35, 36, 43, 44, 45, 47 (8 sch.)
Wit (J. Tolsma) speelt en wint (gespeeld omstreeks 1915).
3. Zwart: dam 48, schijf 4.
Wit: 2 schijven op 36 en-17.
Zwart speelt en wint.
4. Zwart 27 en 41 (2 sch.).
Wit: 10, 33 en 43 (3 sch.).
Wit (Sj. Tigchelaar) speelt en wint.

Problemen:

1. Probleem van Joh. Hoekstra te Berlikum.
Zwart: 1, 6, 7, 9, 13, 14, 16, 20, 24, 25 (10 sch.).
Wit: 26, 33, 34, 36, 40, 41, 43, 44, 46, 49 (10 sch.).
(Bij problemen wordt natuurlijk altijd verondersteld, dat wit speelt en wint).
2. Probleem van U. Hamersma te Tzummarum:
Zwart: 2, 4, 6, 7, 8, 9, 10, 13, 17, 18, 19 en 20 (12 sch.).
Wit: 27, 29, 31, 33, 36, 37, 39, 43, 46, 47, 48, 50 (12 sch.).

„Ook van deze plaats doe ik een beroep op de dammers van het Friesche spel, mij zooveel mogelijk medewerking te verleen door inzending van problemen, eindspelen en partijen: de laatste gaarne met eenige notaties.

Franecker.

14. W. ENNEMA.

PERSOANLIK KAMPIOENSKIP 2013 - 2014

Neidat Teake Kooistra sneon 15 febrewaris huldige wie as kampioen, spruts er in tankwurd út.

'Dit jier bin ik 60 jier wurden en dan set de ôftakeling yn.', sei er. Hy besloech it wat mei de gek fansels. Want Teake damt noch altiden oersterk. En hy is no foar de sechtsjinde kear Frysk kampioen wurden; in unike prestaasje! Dirk H. de Vries en Sjoerd Tigchelaar hellen tsien kampioenskippen en Augustinus van der Goot tolve, mar Teake Kooistra spant de kroan. Al kaam it yn Lollum yn de lêste omlopen noch wol hiel tichteby elkoar.

Marten Walinga en Folkert Groenveld hienen noch kânsen mei in punt efterstân. Sy hienen trije en in heal punt en Kooistra ien mear, mei noch twa omlopen te ferdammen. Sittend kampioen Jelle Wiersma en Folkert Groenveld setten in dreech spul op en Jelle hie Folkert te pakken mei in moaie slachset. Marten Walinga hie gjin moederaasje mei syn broer Siebe. Henk Haanstra stridet ek fûleindich foar de punten tsjin Teake en de mannen sitte mear as fiif oeren efter it boerd. It kin kamp wurde yn it einspul, mar Henk docht in ûnderstreek en ferliest noch.



De Kampioenen by elkoar; boppe Teake Kooistra, Pieter Hoogterp en Willem Schaap, foar Fedde Wiersma.

Sa kaam it wer op de lêste omloop oan. Siebe Walinga is al degradearre en moat tsjin Van der Goot. Hy hat it bettere fan it spul, mar op it lêst hellet de âld-kampioen der noch in moai loopke út en it wurdt kamp. Twa en in heal punt foar Stinus, genôch om net te degradearjen? Henk sit wer yn in lange drege partij. No tsjin klupgenoat Folkert dy't Henk yn de skjirre hat. Henk komt oan, moat in skiif wei jaan, mar sjocht krekt noch de lêste kamp-fariant, ek mei elkoar twa en in heal punt.

Yn de partij tusken Teake en Jelle hat de koprinner in daam helle. Mar dy koe fêst setten wurde en letter troch Jelle ôfnommen. Beide spilers ha yn it einspul in daam en doe helle Jelle de winst mei in slachje. Teake bliuwt sa op fiif en heal punt stean en Jelle komt op fiif punten. Wat docht Marten Walinga tsjin Foeke Tiemensma? At Foeke ferliest moat der nei ien jier yn de 'earste acht' al wer degradearje. En Marten moat winne om lyk te kommen mei Teake. Dat slagget net. Foeke is syn klupgenoat de baas en sa is it nije kampioenskip fan Teake Kooistra wis. It SB-systeem, Sonnenborg-Berger en dat giet oer wjerstâns punten, skuort Henk Haanstra der troch. Hy hat tsjin de sterkere dammers krekt wat mear punten helle as Stinus, dus moat dy in stapke tebek.



Konsintraasje by Foeke Tiemensma tsjin Marten Walinga en Jelle Wiersma tsjin Teake Kooistra.

'Mar ik meitsje graach romte foar in jonge klupgenoat.', seit Van der Goot. En dat is Pieter Hoogterp fan De Gaastmar. Twa jier lyn slûpte hy mei Foeke Tiemensma omheech nei de 'twadde acht'. Ferline jier deeglik damt yn dy klasse en dan no nei de 'earste acht'! Hiel moai dat der wer nije dammers opsteane. Al wie it op haren en snaren mei Pieter syn kampioenskip yn de Haadklasse AA sa't de 'twadde acht' offisjeel hjit. Lang wie it wat ûndúdlik hoe't it lân der hinne lei. Kees Tijssen hie him ôfmelden en Tjerk Wijbinga moast partijen ynhelje. Ek Sjoerd Jan Bakker en Hein de Vries sieten der tichteby. Uteinlik kamen der trije spilers op fjouwer punten. En dan komt it op SB-punten oan. Pieter hie dêr 22 fan, Sjoerd-Jan 21 en Hein 18. Dêr efter twa spilers mei trije wedstriidpunten: Tjerk Wijbinga en Cor Kooistra. Promovendus Willem Hoekstra mei it oar jier wer besykje yn de 'twadde acht' en Klaas Wiersma koe it net risse.



Hein de Vries hat krekt strutsen tsjin Klaas Wiersma.

Yn de 'trede acht' wienen it úteinlik twa routiniers dy't der út rûnen. Fedde Wiersma wûn yn de lêste omloop fan Bauke Dijkstra neidat er earst efter stie. In earste plak mei fiif en in heal punten, knap wurk. Dat jildt ek foar good-old Sjoerd Couperus dy't ek promovearret. Lyk hjir efter einiget de jonge Harmen Westra. As promovendus like it der op dat hy daalk trochstome soe nei de 'twadde acht'. Dat slagge dus krekt net. Syn heit siet hjir werk rekt efter. En dan wie it spannend wa't degradearje soe. Trije spilers mei trije punten en ek hjir jildt dan it SB-systeem. Rein Jan Walinga wie de klos en Jappie de Jong en Bauke Dijkstra kamen mei de skrik frij. Piet Sikma spande him alle wedstriiddagen o'sa yn. Net allinne efter it damboerd yn de 'trede acht', mar ek noch mei wedstriidlieder Johannes Hoekstra as grutte organisator op de eftergrûn. De wedstriidlieder moast al in kear warskôgje en doe nóchris, mar al mei al kinne we weromsjen op in tige slagge kampioenskip.



Folkert Groenveld siket nei de bêste set tsjin Jelle Wiersma. en Teake Kooistra nimt it op tsjin Henk Haanstra.

Oar jier sjogge we Willem Schaap wer werom by it PK yn de 'trede acht'. Hy waard kampioen yn de Haadklasse A, foar de jonge Rindert Walinga.



Fedde Wiersma sit tsjin Bauke Dijkstra. Sjoerd Couperus sjocht it oan wylst Jappie de Jong oer in set prakkesearret.

Alle útslaggen:

Kampioensklasse:	1	2	3	4	5	6	7	8	Tot.	SB
1. Teake Kooistra	X	0	½	1	1	1	1	1	5½	
2. Jelle Wiersma	1	X	½	1	0	½	1	1	5	
3. Marten Walinga	½	½	X	½	0	1	1	1	4½	
4. Folkert Groenveld	0	0	½	X	1	½	1	1	4	
5. Foeke Tiemensma	0	1	1	0	X	0	0	1	3	
6. Henk Haanstra	0	½	0	½	1	X	0	½	2½	16
7. Augustinus van der Goot	0	0	0	1	0	1	X	½	2½	12
8. Siebe Walinga	0	0	0	0	½	0	½	X	1	

Haadklasse AA:	1	2	3	4	5	6	7	8	Tot	SB
1. Pieter Hoogterp	X	½	1	0	1	½	1	-	4	22
2. Sjoerd Jan Bakker	½	X	1	0	½	1	1	-	4	21
3. Hein de Vries	0	0	X	1	1	1	1	-	4	18
4. Cor Kooistra	1	1	0	X	0	0	1	-	3	18
5. Tjerk Wijbinga	0	½	0	1	X	½	1	-	3	14
6. Willem Hoekstra	½	0	0	1	½	X	0	-	2	
7. Klaas Wiersma	0	0	0	0	0	1	X	-	1	
8. Kees Tijssen	-	-	-	-	-	-	-	X	-	

Reserve Haadklasse AA:	1	2	3	4	5	6	7	8	Tot.	SB
1. Fedde Wiersma	X	0	½	1	1	1	1	1	5½	
2. Sjoerd Couperus	1	X	1	0	0	1	1	1	5	
3. Harmen Westra	½	0	X	1	1	0	1	1	4½	
4. Liuwe Westra	0	1	0	X	0	1	1	1	4	
5. Bauke Dijkstra	0	1	0	1	X	0	0	1	3	18
6. Jappie de Jong	0	0	1	0	1	X	0	1	3	15
7. Rein Jan Walinga	0	0	0	0	1	1	X	1	3	12
8. Piet Sikma	0	0	0	0	0	0	0	X	0	


JELLE WIERSMA JOUT DAMLES YN DE BIBLIOTHEEK FAN WOMMELS

Woansdeitejûn wie it alwer de fjirde en lêste kear dat se by mekoar kamen yn de bieb foar de kursus Frysk damjen. Master Jelle Wiersma hat yn trije jûnen de rigels útlein en iepeningssetten en soksewat mei de kursisten oefene. De lêste jûn koene de dielnimmers tsjin mekoar damje en sjen of se wat oan mekoar weage wiene en leuke pryskes winne. Der komt noch in jûn/middei yn de bieb oer Frysk damjen mar die datum is noch net bekend.




FRAGMINTEN NOCH&KRIICH

Willem Hoekstra liket mei wyt tsjin
Beke Haanstra it bettere spul te
hawwen.



Mar nei 1. ...11-16 2.18-12 kaam
it moaie loopke 2. ...30-35!
3.45*25 10-15! 4.25*5 16-21
5.5*19 9*7 en Willem kin it noch
krekt kamp hâlde. 6.43-39 21-27
7.39-33 27-31 8.33-29 31-37
9.29-23 37-41 10.23-18 41-46
11.18-13 46-5 12.13-9 7-11
13.44-40 11-17
14.40-35 5*45 15.9-3 17-22 16.3-
14

Wyt koe dit loopke der ek net
úthelje.



Sa stie it tusken Willem Hoekstra,
op é nij mei wyt en Siebe Walinga.
Nei 1. ...12-18 kin wyt net folle
mear

2.50-45 ? om 7-12!

2.39-33? om 24-29, 18-23 etc.

2.37-32? Om 35-40!

2.31-27/ om 24-29, 7-11 etc. Dan

moat dus 2.39-34 35x33 3.37-32


33-39 4.44x33 24-30 en swart

stiet better. Der folge

1. ...24-30 2.50-45 30-34 3.44*24
12-18

4.45*25 15*35 5.24-20 5-10 6.16-
11! 1*32

7.20-15 10-14! 8.15*42 2-8



9.26-21 7-12 10.36-31 8-13 11.31-27

Nei 11. ...35-40 12.39-34 40x29
13.27-22 12x32 14.42x22 wurdt it
kamp.

11. ...12-18 12.42-37 13-19

Winnend foar wyt is 12.42-38 18-23

13.47-42 35-40 14.35-40! 40x29

15.21-17 29-34 16.27-22! 23x12

17.38-33 34x32 18.42x2, lyk as 12.

...35-40 13.38-32 40x38 14..32x43

en 12. ...13-19 13.38-33 35-40

14.33-29 40x38 15.29x9

13.37-32 18-23 (19-24 is better)

14.32-28 en wyt kin better 14.17-21

14. ...23*32

15.27*38 35-40 16.39-34 40*29

17.21-17 29-34 No is swart te
hastich.

Earst 17. ...19-24 18.17-12 dan pas
39-34


Nei 19.38-33 34x32 20.47-42 kin
swart efterstrike 20. ...6-11 en sil it
kamp wurde.

18.38-33 34*32 19.47-42 19-24

20.42*22 24-29 21.17-12 29-34

22.12-8 34-40

23.8-2 40-44 24.22-18 44-50



Dit is in stantsje út it einspul fan
de partij tusken Siebe Walinga
(wyt) en Johannes Hoekstra.
Johannes strykt kreas nei de
daam en komt ek in hout foar.

**1. ...17-22 2.42-38 7-12 3.30-25
12-18**


4.38-32 22*42 5.47*38 18-22

6.25-20

**19-23 7.35-30 22-27 8.30-25 27-
31**

9.20-15 31-36 10.25-20 36-41

11.20-14 4*24 12.15-10



Mar hjir wie 12. ...24-30 better.

Nei 12. ...41-46 13.10-4 24-30

14.4-15 30-34 15.15-20 34-39

16.38*40 23-28 17.20-42 46-41

18.42-24 wurdt it kamp.

Folkert Groenveld

OAN 'E DAMKLUPS

Sa't jim witte, wurdt der opheden, yn gearwurking mei it DFS, in damapp foar it Frysk damjen ûntwikkele troch Marcel Nijman. Dy is no dwaande mei in ferzje foar Android, en freget dêrfoar dammers dy't meihelpe wolle by it úttesten. Soene jimme by jimme op 'e klup ris om jim hinne freegje wolle oft dêr frijwilligers foar binne? Se moatte dus in smartphone ha mei it Android bestjoeringssysteem (de konkurrint fan Apple, sis mar). Minsken mei in tablet op basis fan Android sille ek meidwaan kinne.

Marcel wol dêrby ûnder oare ek witte hokker merk, model, skermresolúsje en Androidferzje oft se ha, want dat is allegearre fan belang.

It is miskien it handichste as de minsken har streekrocht by Marcel Nijman oanmelde:

marcel@marcelnijman.eu

It is fan grut belang dat der in moai produkt ûntstiet, dat meiwurking wurdt tige op priis steld.

Groetnis,
Siebren Dyk

(skriuwer Dambûn Frysk Spul)

FLUCHDAMKAMPIOENSKIP ALDEGEA 7 MAART 2014

Foar it Frysk kampioenskip Fluchdamjen hie damklup 'Nocht&Kriich' doarpshús It Joo optúgd ta in prachtige dam-arena. Fansels hongen der Fryske damflagen en reklame fan sponsoren.

Klaas Jansma hie wer in djipsinnige ynliding op de wedstriid en skerp kommentaar tidens it damjen. It gie der om wei en fia de livestream fan Omrop Fryslân koe in elts it thús folgje.



It Joo ynriochte as dam-arena en Omrop Fryslân wie derby.

Yn it foar hienen de Aldegeasters in moai programma-boekje yn elkoar breide. Dan wie der ek noch in lytse tentoanstelling mei âlde dambuorden, de ûntjowing fan damklokken, âlde en nije damprizen en ek in foarbyld fan hoe't dammers harren eartiids rede moasten. Doe seage men fan in biezemstok de houtsjes. Nochal wat bekinde Hollânners en Friezen koenen om in ferskaat oan oarsaken spitigernôch

net komme. Lokkich koe it publyk yn in foto-oersjoch hjir dochs noch efkes weet fan krije.



Dammers yn folle konsintraasje. Foar oan mei wyt Sietze de Jong tsjin Folkert Attema. Pieter Breeuwsma damt tsjin Fokke Walinga, mei neist him heit Rein Jan en Foeke 'de Rus' Tiemensma.

It gie bygelyks om de âld-fuotballers Sjaak Swart en John de Wolf. Hans Klok, Hans van Zetten, Carice van Houten, Jean Claude van Damme en Henk Kamp wienen der ek net. De bruorren De Witt uteraard ek net en ek de Friezen Eppie Dam en Okke van der Kamp lieten it ôfwitte.

Fansels waard der damd en hoe! Eltse omloop 25 spullen en dan wie it faaks wer in knikker op de kant tusken winst en ferlies. Want in lyk spul wie der hast net by. Uteinlik kaam Folkert Groenveld as winner út de striid mei krekt in heal puntsje mear as Manfred de Wolff en Jelle Wiersma. Nei fiif omlopen stie lykswols Henk Haanstra noch boppe-oan

mei in 100% skore. Sa hie er wûn fan matsjadoren as Marten Walinga en sittend kampioen Jelle Wiersma. Doe moast er tsjin Folkert en gie it op it allerlêst noch mis.

Nei fiif omlopen stie lykswols Henk Haanstra noch boppe-oan mei in 100% skore. Sa hie er wûn fan matsjadoren as Marten Walinga en sittend kampioen Jelle Wiersma. Doe moast er tsjin Folkert en gie it op it allerlêst noch mis.

Opmerklik wie it damjen fan de Blauhústers. Sy binne blykber



stressbestendich en komme by it fluchdamjen altiid heech út de bus. Foar de jonge Lammert Stegenga wie der in moai earste plak yn de Tredde Klasse. En fan de net-leden wie Sieb Reitsma fan Sânfurd de winner. Bygeande foto's binne makke troch Cornelis Boersma. Alle 50 dielnimmers damden op ien list en waarden ûnderling lotte. Nei de lêste fan 7 omlopen waard de einstân opmakke. By eltse spiler stiet tusken heakjes it plak op de einlist. By like folle wedstriidpunten jouwe wjerstânpunten de trochslach.

Henk Haanstra hat swart tsjin Folkert Groenveld. Hy sil it op it allerlêst ferskite. Heit Beke en Tjerk Wijbenga sjogge ta.

Eare-klasse 1.Folkert Groenveld, Jutryp 6,5pt.(1); 2.Jelle Wiersma, Wommels 6pt.(3); 3.Cor Kooistra, Nijlân 5,5pt.(4); 4.Henk Haanstra, Aldegea-SWF 5pt.(5); 5.Marten Walinga, Waaksens 5pt.(6); 6.Foeke Tiemensma, Frjentsjer 4,5pt.(11); 7.Pieter Hoogterp, De Gaastmar 4pt.(17); 8.Tjerk Wijbenga, Arum 4pt.(19);

Haadklasse A 1.Manfred de Wolff, Blauhús 6pt.(2); 2.Marcel Altena, Blauhús 5 pt.(7); 3.Jacob van der Goot, De Gaastmar 5pt.(8); 4.Jappie de Jong, Blauhús 5pt.(9); 5.Sjoerd Couperus, Snits 4,5 pt.(10); 6.Willem Schaap, Dearsum 4,5 pt.(12); 7.Johan Flapper, Blauhús 4,5pt.(13); 8.Bernard Kroon, Blauhús 4pt.(16); 9.Folkert Attema, Ysbrechtum 4pt.(18); 10.Liuwe Westra, Lollum 4pt.(21); 11.ReinJan Walinga, Aldegea-SWF 3,5 pt.(25); 12.Bauke Dijkstra, De Tynje 3pt.(28); 13.Leo Altena, Dedzjum 3pt.(35);

Earste Klasse 1.Bauke Bos, Sint Nyk 4pt.(14); 2.Sjouke Attema, De Gaastmar 4pt.(15); 3.Rindert Walinga, Waaksens 4pt.(22); 4.Michiel Zeinstra, Blauhús 3pt.(29); 5.Sybren Dijk, Jorwert 3pt.(30); 6.Jan Nauta, Bitgummole 3pt.(34); 7.Beke Haanstra, Aldegea-SWF 2,5 pt.(39); 8.Sietze de Jong, Aldegea-SWF 2pt.(43);

Tredde Klasse 1.Lammert Stegenga, Aldegea-SWF 4 pt.(20); 2.Gosse de Vries, Aldegea-SWF 4pt.(23); 3.Fokke Walinga Aldegea-SWF 4pt.(24); 4.Sven Kalsbeek, Skearnegoutum 3,5 pt.(26); 5.Jolke Groenveld, Sânfurd 3,5pt.(27); 6.Hennie de Haan, Snits 3pt.(31); 7.Minne Posthuma, Aldegea-SWF 3pt.(32); 8.Durk Rypma, Aldegea-SWF 3pt.(33); 9.Alie Cnossen, Aldegea-SWF 3 pt.(37); 10.Marjolijn Bakker, Sibrandabuorren 3pt.(38); 11.Meindert Ykema, Sânfurd 2pt.(41); 12.Tineke Teigeler, Sibrandabuorren 2pt.(42); 13.Gertjan van der Kamp, Jorwert 2pt.(46);

Iepen Klasse 1.Siebren Reitsma Sânfurd 3pt.(36); 2.Rink Bootsma, Aldegea-SWF 2pt.(40); 3.Pieter Breeuwsma, Wommels 2pt.(44); 4.Klaas Koopmans, Warkum 2pt.(45); 5.Durk Boschma, Idzegea 1pt.(47); 6.Foeke Groenveld, Aldegea-SWF 1pt.(48); 7.Roelof Fopma, Nijhuzum 1pt.(49); 8.Jos Thio, Westhim 1pt.(50);



Klaas Jansma eidet it oer mei kampioen Folkert Groenveld.

Persoanlike Kampioenskip Jeugd, Pupillen en Begjanners

Op sneon 22 febrewaris waerd yn doarpshús it Joo yn Aldegea SWF de finale fan de Persoanlike Kampioenskippen ferspille. Der wie in klasse foar Jeugd en Pupillen en nij dit jier dat wie de Begjannersklasse. Speciaal makke foar de nije dammerkes die oars te gau ofhjeakje moatte foar de pupillen die de kneepkes fan it Frysk damjen al wat better yn de macht ha. No en at we it oer disse klasse hawwe dan sil ik dy sisse dat it spannend wie. Ien jonge moast tsjin 5 famkes opbokse. Lieuwe Meint Postma út Lollum hie yn de foarrondes yn Lollum de measte punten helle. Hij stie dus op kop mar soe hy op't einde fan de middei ek de winner wurde? Yn de twadde rounte ferspille Lieuwe Meint in puntsje tsjin Silke Homminga út Blauhús en dat wie wer gunstig foar Gonnie Schilstra út Lollum en Nynke Brouwer fan Blauhús Ut de leste rounte moast úteindelijk de kampioen komme. Nynke wie al gau út en wûn en no wie it wachtsjen op de partij fan Lieuwe Meint tsjin Marije Frankena dat waard remise en sa gie de 1^e wikselpriis foar de Begjanners nei Blauhús. Lieuwe Meint en Gonny moasten doe nog om it 2^e en 3^e plak in partij spylje.

Kampioen:	Nynke Brouwer Blauhús	(6½ pnt)
	2 ^e Lieuwe Meint Postma Lollum	(6pnt)
	3 ^e Gonny Schilstra Lollum	(6pnt)
	4 ^e Marije Frankena Blauhús	(5pnt)
	5 ^e Femke Steenstra Blauhús	(3½pnt)
	6 ^e Silke Homminga Blauhús	(3pnt)

Bij de Pupillen hiene we 8 dammers, fjouwer partijen wiene al ferspille op de foarronde yn Lollum. Der sloeg Jeljer Westra al foar best op. Marrit de Jong en Hiele J. Walinga hiene elk in partij ferlent. Yn Aldegea hiene we drekt de 1^e partij in topper. Marrit tsjin Jeljer .Lang stie de partij yn lykwicht mar troch in mooi setsje fan “de man” út Lollum wie dit te folle foar de Blauhuster “frou”. Hiele Johannes wie dizze middei sterk oant't damjen en ferlear net in partij mar ek Jeljer die dat net. Dus wie Jeljer Westra ongeslagen de terjochte kampioen bij de Pupillen.

Kampioen:	Jeljer Westra Lollum	(7pnt)
	2 ^e Hiele Joh. Walinga Aldegea SWF	(6pnt)
	3 ^e Marrit de Jong Blauhús	(5pnt)
	4 ^e Klasina v.d. Gaast Lollum	(4pnt)
	5 ^e Ridsert Rijpkema Westhim	(3pnt)
	6 ^e Lennart v.d. Kuur Lollum	(2pnt)
	7 ^e Germ van Popta Lollum	(1pnt)
	8 ^e Marten Algra Lollum	(0pnt)

By de jeugd hiene we dit jier 5 dammers, in mooie opkomst. Oan dizze jonges kinne je sjen dat se it damspultjise al aardig machtig binne, ek spylje enkele fan hun al wedstriden by de senioren. Lammert Stegenga is der ien fan, in sterke dammer wer je net samar ien twa trije fan winne. Marten Stegenga Fokke Walinga en Bouwe Overwijk(Kampioen bij de Pupillen 2013) dogge foar it earst mei yn de jeugd en dan nog de Lollumer Rindert Walinga. Hij moast foarig seizoen nog Harmen Westra en Lammert Stegenga foar him litte. De earste rounte sette Rindert drekt Lammert efkes te plak en der nei ek Fokke dus mei twa punten hie der al in slach sleint. No ha dammers ek wolris in minne dei dus wa wit! Lammert wie Fokke de baas dus hie hy nog wat hoop op Bouwe en Marten die Rindert miskien in puntsje ôfpakke koene. Rindert liet him net mear ferrasse en waard ongeslagen kampioen bij de Jeugd.

Kampioen:	Rindert Walinga Lollum	(5pnt)
	2 ^e Lammert Stegenga Aldegea SWF	(4pnt)
	3 ^e Fokke Walinga Aldegea SWF	(3pnt)
	4 ^e Bouwe Overwijk Westhim	(2pnt)
	5 ^e Marten Stegenga Aldegea SWF	(1pnt)

Jappie de Jong



Winners beginners



Winners pupillen

STOFFEL BOUMA

* 3 Febrewaris 1961
te Hartwert

† 5 Maart 2014
te Snits

Myn earste mailtsje fan Stoffel wie op 21 novimber 2009. Fan dy dei ôf wienen Stoffel en ik de redaksje fan de Oer Alles. Ek it bûn wie hjir tige mei ynnommen en ha ús tegearre in diner-bon jûn om mei elkoar yn 'e kunde te kommen. We mochten sels it einbedrach yn fulje, no dan sille wy harren op kosten jaaie. Mar dizze bon sit noch altiden yn it fet.

En no noait mear in mailtsje fan Stoffel oer it Frysk damjen, oer deistige dingen, persoanlike saken, myn Frysk ferbetterje..... gjin tillefoantsjes en oanrin mear, noait mear leave Alie, noait mear Stoffel syn belangstelling en humor. Ik kin it noch net begripe.

Ik sil myn bêst dwaan om Stoffel syn wurk foar de Oer Alles troch te setten. Ik hoopje dat ik dan holpen wurd troch de stikjes skriuwers. Dan meitsje ik der wol ien Oer Alles fan.

Stoffel sei op 8 novimber fan it foarige jier noch:

Ik doch myn bêst efkes foar de earste Oer Alles. It sil net tafalle, want ik ha dit jier missskien wol wat tefolle belibbe dat it libben somtiden net allegearre "weelde" is. Betiden wreed, net te leauwen, fertrouwen, leafde, dea, ensfh,,,,,Ik ha my no ridlik ûnder kontrôle mar it is net allegearre like maklik.

Dyn belofte om kommende simmer del te kommen yn Aldegea op de fyts silst net mear wier meitsje kinne. Stoffel syn lêste wurden yn de mail fan 18 febrewaris:

Sil besykje jimme wer wat te helpen mei oanfier foar Oer Alles. It giet wer ridlik goed mei my mar kom hjir en dêr al wat tsjinslaggen tsjin. Dêr kinne wy it nei it damjier, misskien yn de simmer as ik ris op de fyts troch Aldegea gean, ris oer ha.

Stoffel

Dyn mei-redaksjelid Alie Cossen; it bin no allegearre herinneringen oan myn redaksjemaat.




STOFFEL BOUMA

3 febrewaris 1961 – 5 maart 2014

Op 'e jûn fan woansdei 5 maart krigen we it berjocht dat dy middei Stoffel Bouma út Easterein hommels ferstoarn wie. In berjocht dat ynsloech as in bom. Stoffel wie op 'e fyts nei Snits west en waard op de weromreis net goed. Hy is yn in it sikenhûs fan Snits ferstoarn.

Stoffel wie fanôf syn trettjinde – fjirtjindejier lid fan de damklup yn syn bertedoarp Hartwert. De earste kear dat ik tsjin him damde wie yn jannewaris 1975 yn it kafé De Kliuw. We sieten yn in groepke fan trije: Stoffel, syn omke Broer van Dijk en ik. Stoffel koe doe al better damje as my en wûn de priis.



Damclub Hartwert e.o.

„Frysk spul“

It ferstjerren fan Stoffel wie foar de Hartwerter klup de tredde klap yn dit damjier. Op 13 septimber 2013 ferstoar Sjoerd Bouma, in omkesizzer fan Stoffel, en op 9 jannewaris 2014 ferstoar Germ Terpstra.

Stoffel wie tige aktief yn de damwrâld, mar ek yn de doarpsmienskippen fan Hartwert en Easterein. Wat hie hy sa al by it ein? Sport (damjen, keatsen, fuotbal), meiwurker oan revu's fan doarpsbelang Hartwert, SDS en KF Easterein, meiwurker oan jubileumboeken fan SDS en KF Easterein. Mar Stoffel wie ek in fjildman: eisykje, fûgelwacht, jeie, fiskje, sa hjir en dêr in fûkje, mollefangende ensfh. Minsken dy't wat foar Stoffel dien hiene krigen faaks as tank dêr foar in pakje rikke iel, in ein as in hazze.

Mar Stoffel wie foar alles in stikjeskriuwer. Jierrenlang skreau hy as Bolke yn it klupblêd fan SDS. Troch Stoffel syn humoristyske ferslachjouwing yn de Boalserter Krante koene in soad minsken jierrenlang it damjen yn Hartwert mei belibje. Dizze stikjes wiene yn trochsnee gjin wedstriidferslaggen fan de

damjûn. Natuerlik stiene oan de ein fan it stikje yn it koart (allinne de foarnammen fan de dammers) de útslaggen fan de partijen, mar it wiene mear stikjes oer de dammers fan de klup en foaral harren útspraken en oare saken dy't de dammers meimakken. Faaks koenen jo je de bûsen út skuorre, somtiden koene je glimpkje, en in inkele kear tochten je: no no Stoffel it hoecht net skerper!

Mei troch dy stikjes waard Stoffel yn 2005 troch it bestjoer fan it Dambûn Frysk Spul frêge om redakteur te wurden fan it bûnsblêd 'Oer Alles' neidat Han Grûschke ophâlden wie. Koartswilichheit is ien fan de skaaimerken fan Stoffel, sa skreau Cor Kooistra yn it bûnsblêd fan desimber 2005.

Stoffel is der al dy jierren, de lêste jierren yn gearwurking mei Alie Cnossen, eltse kear wer yn slagge om te kommen mei in 'Oer Alles' dy't it lêzen mear dan wurdich wie.

Yn it lêste nummer fan 'Oer Alles' (jannewaris 2014) stiene twa stikjes fan Stoffel. It earste wie in artikel ta oantinken oan ús damfreon Germ Terpstra. Wa hie tinke kinnen dat yn it earstfolgjende nummer in 'In Memoriam' fan Stoffel Bouma stean soe?

It oare artikel gie oer de damjende postboade Lolke. Stoffel hat it ôfrûne jier twa kear damd op it damboerd by Stoffel yn de foartún (Stoffel wie wol in fljidman, mar gjin túnman: ek de eftertún lei alhiel yn de tegels). It damboerd yn de foartún fan Stoffel is jierren lyn iepene mei in dammatch tusken Teake Kooistra fan Hartwert en de hollânske dammer Teake Kooistra út Rinsumageest. De earste set waard doe dien mei help fan in kraan fan leanbedriuw Okkema út Easterein.

Stoffel mocht graach útdrage dat er in (Fryske) dammer wie; dat die er mei syn stikjes, mei syn damboerd yn de tún, mar ek stie hy ea op in Fryske Dei mei damboerden op it sportfjild fan Easterein. Faaks rûn Stoffel yn in witte trui mei dêr op in damboerd.

Ik soe it hast ferjitte, mar Stoffel wie ek in poerbêste dammer! De damklup yn Hartwert hat in soad bêste dammers en net allinne Teake Kooistra. Stoffel is der yn slagge om 2 kear klupkampioen te wurden: yn 2002 en yn 2013. Fierders is er wol 25 kear as twadde einige efter de al neamde Teake. Mei damklup Hartwert waard hy withoefaak klupkampioen. Stoffel stiet ek te boek as de earste junioarenkampioen fan it Dambûn Frysk Spul.

De earste jierren gie Stoffel net folle nei de damtoernoaien. Syn wurk as sutelder by Bakker van de Brug liet dat net ta. Doe't er sjauffeur waard by de FRAM en letter Arriva feroare dat. Stoffel die mei oan de persoanlike kampioenskippen. Tolve jier (2002-2013) hat er meidamd op it heechste nivo de 'earste acht'. Twa kear helle hy in fjirde plak. Al jierren sei Stoffel dat as er degradearje soe út de 'earste acht' net mear mei dwaan soe oan de persoanlike kampioenskippen. Hy hat wurd hâlden: oan it kampioenskip yn febrewaris 2014 hat er net mei dien, mar hy wie der wol om te sjen en om foto's te meitsjen foar it bûnsblêd!

Yn de jierren 1994-2003 wie Stoffel skriuwer fan de Damclub Hartwert e.o. Skriuwer, mar ek doe foaral stikjeskriuwer: hy hat de damklup prachtige jierferslaggen neilitten! Mar ek wie hy de fotograaf en de archivaris fan de klup. Alles waard fêstlein yn plakboeken. Guon dammers wisten dat Stoffel problemen hie mei syn libbenswize en syn sûnens, mar wa hie tinke kinnen dat syn libben sa hommels ôfbrutsen wurde soe? No ik net.

We sille Stoffel, syn damjen en syn stikjes tige misse.

Stoffel is moandei 10 maart te hûf brocht yn syn bertedoarp Hartwert. Foarofgeand waard de routsjinst hâlden yn 'e Martinitsjerke fan Easterein, syn wenplak. De tsjerke wie folslein fol!

Wy winskje syn frou Tine, syn bern Tryntsje en Sjoerd Teake, Siebolt en Joran, syn heit en mem Jan en Sijke en fierdere famylje in soad sterkte ta.

Fedde Wiersma, Easterein

Naschrift:

De rouadfertinsjes kinne jimme hjir sjen:

<http://www.mensening.nl/overlijdensberichten/stoffel-bouma-5564920>

Stoffel syn maat/goeie kunde Aant Hofstra út Wommels hat de ofrûne wiken op syn weblog 2 prachtige stikjes skreaun nei oanlieding fan it ferstjerren fan Stoffel. Sjoch op: <http://datfynik.blogspot.nl/>

Sjoch by 'Blogarchyf' de stikjes 'In maat' (tongersdei 6 maart) en 'Stoffel' (moandei 10 maart). Beide stikjes binnen tige nijsgjirrich om te lêzen.





Stoffel yn sien witte trui mei een in damboerd dêr op, op in Fryske Dei mei damboerden op it sportfjild fan Easterein.



Foto 'klup kamp 14 017': it lêste klupkampioenskip mei damklup Hartwert op 18 jannewaris 2014



Foto 'PK 2013 damjen Hartwert 056': Stoffel syn lêste partij in de 'earste acht' op 16 febrewaris 2013.